

Antwurden Staveringsopdracht A 12 april 2014

A. De algemiene regel is: skriuwe wat der sein wurdt.

Utsûnderings binne:

- 't, 'e, 'n ynstee fan it, de, in of oarsom.
- sij ynstee fan sy (r. 3) en ferlykbere gefallen.
- soenen ynstee fan soene (r. 8) en ferlykbere gefallen.

As ien flater wurdt rekkene:

- yn 't algemien alle staveringsflaters
- it net of ferkeard brûken fan skerp- en breedtekens
- de stipkes op 'e ij dêr't dat beslist moat
- it skrapke yn wurden lykas dy't
- foarmen dy't wol goed Frysk binne, mar net yn 'e tekst steane
- it ferjitten fan in wurd.

As kwart flater wurdt rekkene:

- it al of net oaninoar skriuwen fan wurden, dêr't dat beslist ferkeard is.
- it ferkeard brûken fan oanheltekens, dûbelpunten, lytse letters of haadletters.

Net rekkene wurdt:

- it ferkeard brûken fan (punt-)komma's.
- itselde wurd of deselde foarm twa kear ferkeard, it twa kear ferkeard brûken fan oanheltekens, lytse letters of haadletters. Al dy gefallen wurde mar ien kear rekkene.
- te min / tefolle spaasje yn gefallen as dy't en yn 'e.
- twa flaters yn ien wurd wurde ien kear rekkene.

By A wurdt útgien fan in noarm fan twa flaters de punt. Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommissje dêrfan ôfwike.

B. Ien punt foar elk goed antwurd. Mei-inoar 16 punten.

1.	c	5.	a	9.	b	13.	c
2.	a	6.	b	10.	a	14.	a
3.	a	7.	b	11.	b	15.	b
4.	c	8.	c	12.	b	16.	c

By B wurdt útgien fan in noarm fan 75% goed (= 12 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommissje dêrfan ôfwike.

C. Ien punt foar eltse goede ferbettering. As fetprinte wurden feroare wurde, krije jo dêr gjin punten foar (b.g. 'moochlikheid' yn sin 2 wurdt: kâns), ek al binne se goed skreaun. As net-fetprinte wurden feroare wurde (b.g. 'inkele' yn sin 1 wurdt: inkelde), wurde allinnich punten ôflutsen as de nije wurden ek ferkeard skreaun wurde. Sjoch ûnder A foar it berekkenjen fan oare flaters.

1. Hoogendoorn **studearre** (1) **kulturele** (1) stúdzjes yn it westen fan it lân en **bleau** (1) dêr inkele **jierren** (1) hingjen foar **staazje** (1) en wurk.
2. Mar it **duorre** (1) net lang, doe **krige** (1) er de **mooglikheid** (1) om nei it **noarden** (1) te kommen.
3. As **redakteur** (1) en filmer fan **televyzjeprogramma's** (1), **dokumintêres** (1) en films reizge Hoogendoorn de hiele **wrâld** (1) oer.
4. Mar it **leafst** (1) makket er **frij** (1) wurk en dêrfoar **siket** (1) er de ûnderwerpen tichterby, sa as de komst fan **wynmûnen** (1).
5. Hy **docht** (1) sok wurk **graach** (1) **allinne** (1), want dan kin er it **bêste** (1) **trou** (1) **bliuwe** (1) oan syn eigen **keunstsinnige** (1) prinsipes.

By C wurdt útgien fan in noarm fan 70% goed (= 16,8 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.

De trije sifers foar A, B en C wurde middele ta ien einsifer foar it ûnderdiel staveringsopdracht.